

Ferslach fan de jiergearkomste fan de feriening foar doarpsbelangen “de Eendracht” te Deinum op 6 april 2011.

1. Iepenjen

De foarsitter hjit elts fan herte wolkom, in spesjaal wurd fan wolkom foar de fertsjintwurdigers fan de politieke partijen. Te witten Anne Osinga (CDA), Freark Siegersma (FNP) en Johan Harms (Grien Links). Wy fine it wichtich dat dizze minsken nei ús jiergearkomste komme en fernimme wat der sa al libbet yn ‘e doarpen. Dus tige wolkom.

Al wer in jier foarbij, in jier wêryn wer in soad bard is, spitigernôch ek saken wêr’t we ús as doarpsbelang soargen oer meitsje. Bygelyks de rommel en fernielings bij de skoallen, we hawwe it hjir ek al ris earder oer hân op de jiergearkomste. No binne der minsken dy’t sizze, der is hjir ek neat te dwaan foar de jeugd en dat is ek sa, mar dêrom hoech je noch net fan alles te fernielen. In jier as wat lyn hat doarpsbelang mei jeugd, jongerenwurker en âlden ferskate petearen hân oer wat se dan graach woene. Doe’t der plannen wienen foar in jeugdhonk en doarpsbelang de âlders fregen wa’t sa no en dan tafersjoch hâlde woene, koenen we mar twa opskriuwe. Ja dan hâldt it op. De âlden binne noch altyd ferantwurdlik foar harren bern en net doarpsbelang. De Heak, we hawwe it der al sa faak oer hân, mar de tariedings binne no dan dochs úteinset, wat dat oanbelanget komt der wer in protte op ús of. Ferline jier op ‘e jiergearkomste hat it bestjoer mandaat krigen om in nij bestjoerslid te beneamen en dat is slagge. Wy binne bliid dat Gerben Bakker it tal op acht brocht hat, hy koe hjir jûn spitigernôch net wêze.

Berjocht fan ferhinderung kaam der ek fan: Renny Sijtema, Anne Terpstra, Jan Metselaar, Frieda Oevering, Freerk v.d. Meer en Hans v.d. Meer.

2. Oantekens fan de jiergearkomste fan 14 april 2010

Elk hat de oantekens leze kinnen (taheakke yn it boekje).

Gjin op- of oanmerkings en Jitsche wurdt betanke foar it ferslach.

3. Jierferslaggen fan it bestjoer fan Doarpsbelang en it Utfearftûns

Gjin fragen en opmerkings

4. Finansjele ferantwurding fan Doarpsbelang en Utfearftûns

Ek hjir is alles dúdlik.

Femmy Heeringa freget wat DB mei al dat jild moat, kin dat brûkt wurde troch ferienings. Ferienings kinne bij DB in renteleaze liening krije en de boartestún sille we stypje bij de oanliz fan de nije, want de boartestún is in ûnderdiel fan DB. Jitsche folt noch oan dat we ek in sparpotsje hawwe moatte foar de fiering fan it 100 jierich jubileum. (2014)

Ymie van Loenen merkt op dat der in typeflater stiet yn it oersjoch, der is in 6 fergetten. Ja, we sille it feroarje.

5. Finansjele ferantwurding âld papier en jierferslach Hiemside

De 11 ferienings dy’t om bar it âld papier ophelje krigen dit jier € 410,- (ferline jier € 325,-). Der is ek wat jild reservearre foar in nij hok foar de banken fan Doarpsbelang dy’t elk brûke kin. Se stienen no yn it materialehok fan DTD en TDK, mar krije in eigen ûnderkommen efter de klaaikeamers.

Thom Hofman freget nei de 13^e moanne. Is noch fan it ferline jier.

Epie Tamminga fertelt noch wat oer de Hiemside, it tal besikers is noch hieltyd groeiende, mei namme tidens en nei it doarpsfeest.

Folkert freget as men ek wit wêr’t al dy besikers weikomme. It soe wol nijsgjirrich wêze. Dit witte we no net.

6. Ferslach en finansjeel oersicht boartestúnkommisje

Dizze kommisje hat hiel wat wurk ferset, Ida Westra fertelt it ien en oar en hoe it no fjirder giet. Der binne fûnsen en bedriuwen oanskreaun om te sponsorjen en dat begjint no aardich te rinnen. Pas as it folsleine bedrach helle is wurde de boartestastellen besteld en dêrnei it gehiel oanlein.

7. Jierferslach aktiviteitenkommisje

It Mysteryspel en it dierengeluidenspel binne al jierren in grut sukses. Ek oan de fiskwedstryd dogge in protte bern mei. Spitich dat de sleat neist it spoar oan it tichtslykjen is, kin dêr ek wat oan dien wurde freget de foarsitter oan de hearen fan de polityk. It wurdt opskreaun.

De leste jierren wurdt der ek fol entûsiasme meidien oan de "langste Deinumnummer kuiertocht". De st. Maartenoptocht koe dit jier net trochgean fanwege it minne waar. De bernedisko en de playbackshow binne ek altyd tige slagge.

8. Jierferslach Wurkgroep Deinum Doe en No

In tige slagge jubileum jier, in útstalling yn 'e Sint Jan yn gearwurking mei de skoalbern. De wurkgroep hat mei de skoalbern nei it skoalplattenmuseum west. Der is in jubileumboek útjûn en fansels giet it sammeljen troch.

9. Kaskommisje

Tseard de Boer en Dirk Zwagerman hawwe de kas kontrolearre en alles yn oarder befûn. Hja stelle foar de ponghâlder te desjarzjearjen. Foar Dirk Zwagerman freegje we in nij kaskommisjelid en Folkert Kuipers ropt spontaan dat hij dat wol dwaan wol.

10. Bestjoersferkiezing

Anne van der Wulp is ôfgeand en nei 10 jier moat hy it bestjoer ferlitte. Foar ús spitich, mar sa binne de regels. Foarsitter Rinske sprekt loovjende wurden nei Anne ta. Hy hat him tige ynset foar it befeiligjen fan de spoarorgong yn de Ljochtewei. In soad bern en ek âlderen fytsje eltse dei sa nei skoalle of wurk en it is no folle feiliger wurden, mar it kealle swier. De leste jierren die hy ek de lede-administraasje. Anne kriget ûnder applaus in blomke fan de foarsitter. We binne der dit jier wol yn slagge om in kandidaat foar it bestjoer te finen, Jeanine Kuipers. Ek foar har komme de hannen opmekear en Rinske hjit har wolkom. It tal bestjoersleden is no acht. Eins soe der noch ien bijkinne, dus as jo dit leze en tinke, ja dat wol ik ek wol.....jo witte ús te finen.

S K O F T, mar foardat de kofje/tee mei fulkoek rûngean, freget Rinske oandacht foar de boartestúnkommisje. Hja hawwe har tige ynset en it wurk is fansels noch net dien. Dizze entûsiaste minsken krije allegearre behalve de kompleminten ek in blomke en fan de seal it applaus.

11. Piet Heeringa fertelt oer syn skoalplatten

Piet Heeringa is al hast 25 jier dwaande mei it sammeljen fan âlde skoalplatten. It begûn mei de skoalplaat "Bos- en weidevogels" dy't hong bij master Humalda yn 'e klasse. Jierren letter seach Piet dizze te keap stean, hy kocht de plaat en dat wie de earste fan de grutte samling dy't hy no hat. Foar de ferskate fakken op skoalle lykas skiednis, ierdrykskunde en skiednis binne troch meardere tekeners skoalplatten makke. De nammen Koekkoek en Isings falle gauris en fansels Jetses. In goed oere hat Piet oan it fertellen west oan 'e hân fan in protte skoalplatten. Wolle jimme hjir mear fan witte, gean nei it museum. It is de muoite wurdich.

12. Omfreegjen

Frou Hinke Lautenbach, ferline jier haw ik it ek neamd, de minsken soene better snieromje moatte. Dit soe ek yn de Klaver Trije komme, mar ik ha it net stean sjoen.

Kin der net wat dien wurde oan dy grutte bult grienôffal oan it begjin fan it doarp. Dit ha wy al faak besocht mar we kinne der net altyd bij stean. As we it sjogge sizze we der wat fan. Yn 'e K.T. ha we in oprop dien om mei in goed idee te kommen. Twa minsken ha reagearre. In bank of soksawat soe miskien de oplossing wêze.

Wurdt de sleat lâns de gelûdswâl wolris hekkele, dy stjonkt ôfgrysluk. Neffens Jitsche bart dit elk jier. Ymie van Loenen tinkt dat de stank ek wolris bij de put bij it Koningsfjild weikomme kin.

Ymie van Loenen, der binne noch ferskate lantearnepeallen dy't bryk steane, ferline jier haw ik dat ek al sein. Doarpsbelang hat dit al twa kear (mei it betreffende nûmer) trochjûn.

Kees Sytema, as der ris brân is witte de minsken dan wêr't de wetterputten binne? Ja, seit Jitsche, dit wurdt regelmjittich kontrolearre. De putdeksels krije in giel kleurke en men lit it wetter ek in skoftke streame.

Halbe Weiland, kinne it needlokaal dêr't no de lytse bieb yn sit ek ris fan bûten himmele. It is yndie nochal grien rûnom, taak fan de gemeente liket mij.

Jappie Weiland, kin der in parkearferbod komme bij de skoalle, Foar gruttere auto's is it soms in toer om der lâns te kommen. Lit de minsken oars de bern oan 'e kant fan it gimnestyklokaal der útsette. Ek dit punt is al faak oan 'e oarder west, mar in parkearferbod sil wol net kinne. Deinum is in 30 km sône en dan mei jo gewoan op 'e dyk parkeare. Femmy fynt dat de bern bêst nei skoalle rinne kinne. It kleed oer de baar is der noch net. Johan Mellema sil hjir foar soargje.

Femmy Heeringa, Set in blombak oan it begjin fan it doarp, liket moai en dan sil men de troep der net gau mear del goaie. Wat de oerlêst fan de bern oanbelanget, sprek de bern en âlders oan op harren gedrach en set de nammen yn de Klaver Trije.

Freark Siegersma, tige tank foar de útnoeging. Wit elk yn Deinum fan it plan oan de Sportleane en de útwreiding op it Holt. De plannen lizze op besjen op it gemeentehûs. De measte minske binne op 'e hichte.

Willy Tamminga, fynt it spitich dat it needlokaal bij skoalle der noch stiet. Rinske leit út dat de lytse bieb der no yn sit, dat moast út de tydlike romte wei. Fjirder is dêr nearne romte foar. Yn it gimnestyklokaal is de ferwaarmingstsjettel ferfongen, dit is lykwols gjin ferbettering.

13. Sluten

Neat mear oan 'e oarder slút de foarsitter om healwei alven de gearkomste, betanket elk foar syn/har ynbring en winsket elk wol thús.